

Komplimenten

1.

Kompliment dat der in “Wet gebrûk Fryske taal” komt. Mear as 100 jier nei it earste belied fan Provinsje Fryslân en 60 jier nei Kneppelfreed. Prima, dat ek de ymplementaasje fan de ferplichtings yn it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen (yn wurking sûnt 1998) no yn in wetlik kader set wurde.

2.

Kompliment dat de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) nei mear as 20 jier in wetlike ferankering krijt.

3.

Kompliment dat it Konsultatyf Orgaan wetlik ferankere wurdt yn in “Raad voor de Friese taal”.

Oanbefellings

1.

It foarstel fan de wet sa't it der no leit moat de status krije fan in kaderwet, dêr't ek yn in letter stadium oare wetjouwing by oanheakke wurde kin. Dêrby soe de wet periodyk (bygelyks eltse 4 jier) op 'e nij besjoen wurde moatte. Binne der feroarings/oanfollings nedich? Sjoch bygelyks nei it Gaelic yn Skotlân.

- Of no daliks ek de oare domeinen opnimme yn de “Wet gebrûk Fryske taal”.
- Of ôfspraken fêststelle oer it opnimmen fan de oare domeinen binnen 4 jier.

Dêrneist moat foarkommen wurde dat besteande wetjouwing ferfalt, foar't dizze nije “Wet gebrûk Fryske taal” rjochtsjildich is (artikel 37).

2.

Yn artikel 2 wurdt it wurd “periodiek” neamd.

- Yn de wet soe in útfieringskonvenant opnommen wurde moatte, bygelyks ôfspraken foar in perioade fan 4 jier.

3.

Yn de nije taalwet moat fêstlein wurde dat de Provinsje Fryslân in wetlike taak hat as it giet om it fieren fan belied op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. En ek dat der sprake is fan in mienskiplike ferantwurding fan it Ryk en de Provinsje tegearre, om't it Ryk de ûndertekener is fan sawol it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen en it Kaderferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden.

4.

Yn artikel 21, §2 wurdt sein dat de leden fan de “Raad voor de Friese taal” op foardracht fan it ministearje beneamd wurde.

- De leden moatte op foardracht fan Deputearre Steaten fan de Provinsje Fryslân beneamd wurde.

7.

Der moatte bettere en dúdliker ôfspraken oer de finânsjes makke wurde.

8.

De formulearring fan it konseptfoarstel is swakker as de “Algemene wet bestuursrecht” (AWB)

as it giet om it mûnling brûken fan it Frysk yn gearkomsten fan publike organen. De “Wet gebrûk Fryske taal” moat ditoangeande net efterútbuorkje.